

Tekst: Lotte Nijmeijer (Saxion, Enschede)
Oersetters: Cor en Antsje Tjalsma (meiwurkers Mar&Klif)
Einredakteur: Janny Bottema

De itensbak

Daan en Roos fytse troch it park. It is lekker waar, se hawwe de koarte broek oan. As se hast thús binne, komme se by restaurant 'Mes en Foarke' lâns, in restaurant dêr't Daan en Roos wolris ite mei harren mem. De kok fan it restaurant komt krekt ta de doar útstappen mei in grutte kiste yn 'e hannen. De kiste sit fol mei iten: griente, blikken sop, fleis, salades en noch folle mear. De kok rint nei de grutte ôffalbak en draait de kiste om. Al it iten ferdwynt yn de bak. Hy rint mei de lege kiste it restaurant wer yn.

As Daan en Roos in eintsje fierder fytst binne, sjocht Roos Daan oan. "Wat is der?" freget Daan. "Seachst dat dan net?!" seit Roos lilc tsjin Daan. "Ehhh....nee," antwurdet Daan. "Dy kok goaide al dat iten yn de ôffalbak!" raast Roos. Dat is dochs hartstikkene sonde!" Daan hellet syn skouders op. "Dat bart sa faak. Dan is it hast te âld en kinne se, of meie se, dat net mear brûke," seit hy. "Is dat echt wier?" reagearret Roos fernuvere. "Dat leau ik echt net hear!"

As Daan en Roos wer thús binne, is mem oan it itensieden. Roos en Daan geane by de keukentafel sitten. Se sjogge hoe't mem de griente snijt en it fleis bakt. "Mem," freget Roos, "goait mem wolris iten fuort?" Mem draait har om nei Roos mar it duorret efkes foar't se antwurd jout. "Hiel soms wol ja, as it bedoarn is, of as ik it echt net mear brûke kin," seit har mem úteinlik. "Wêrom fregest dat eins?" Roos fertelt mem wat se sjoen hat by it restaurant. Oer de kok, dy't nei bûten ta kaam en al dat iten samar fuortsmiet yn de ôffalbak. As se klear is mei har ferhaal seit Roos: "Dat is dochs net earlik. Sommige minsken hawwe honger en wy goaie it gewoan fuort!" Wer moat mem efkes neitinke. "Witst wat, Roos?" seit mem, "do hast hielendal gelyk! Dat is ek hartstikkene sonde." "Kinne wy dêr dan net wat oan dwaan?" freget Roos. Dan begjint mem te glimkjen. Dat docht se altyd as se in goed idee hat.

Hoopfol sjocht Roos har oan. Dan begjint mem te fertellen. Roos har eagen begjinne te skitterjen en har hiele gesicht laket. "Ja, dat dogge wy! Wol mem my dan wol helpe?" "Tuurlik wol ik dat en miskien wol Daan ek wol helpe?" seit mem. Daan knikt sa fûl mei syn holle dat Roos en mem der om laitsje moatte.

“Mar we sille no earst ite,” laket mem en mei har trijen geane se by de itenstafel sitten.

In wike letter is it sa fier. Daan en Roos rinne mei heit en mem nei restaurant ‘Mes en Foarke’. “Hallo Daan en Roos, wat moai dat jimme der binne!” seit de kok fan it restaurant. “Komme jimme der yn?” Roos en Daan knikke en rinne efter de kok oan. It hiele restaurant sit fol minsken.

Se meie op in moaie fersierde stoel sitte en se hearre in stim dy’t út de rjochting fan it poadium komt. “Dames en hearen, jonges en famkes, wat fijn dat jimme der binne,” seit in man dy’t neffens mem de baas fan it restaurant is. “Yn ús fermidden hawwe wy twa hiele bysûndere bern. Soene jimme efkes nei foaren ta komme wolle, Daan en Roos?” Se fiele de spanning, komme oerein en rinne nei de man ta wylst alle minsken lûd begjinne te klappen. Dizze twa bern fûnen dat de restaurants fiersten te folle iten fuortsmite” sei de direkteur. “Se hawwe dêrom in hiel tûk plan betocht om al dat iten net te fergriemen. En wy fûnen dat plan sa goed, dat we dat útfiere sille by alle restaurants yn de hiele stêd.” De baas sjocht der hiel bliid by. “Wy sille al it iten dat wy oars altyd alle dagen fuortsmite, mar dat eins noch hielendal goed is, ynsammelje yn grutte bakken. Dy itensbakken wurde alle jûnen ophelle en nei it Leger des Heils brocht. Dêr wurdt alles brûkt om iten te sieden foar de minsken dy’t op strjitte libje.... is dát net in fantastysk idee?”

Eltsenien giet stean en begjint te klappen en te jûchheien. Hielendal grutsk steane Daan en Roos op it poadium. Der wurde foto’s makke mar Roos en Daan hawwe it net iens yn ’e gaten. Se tinke der allinnich mar oan dat der no net safolle iten mear fuortgoaid wurdt én dat de minsken by it Leger des Heils lekker en sûn iten oanbiede kinne.

